

rampen

skreaun nei oanlieding fan de tsunami-ramp fan 2004

wy sitte waarm yn ús wenten en ús auto's
mei ús technyk sett' wy de wrâld wol nei ús hân
wy dogg' oan romtefeart en digitale foto's
wat hat de minske dochs in machtich grut ferstân

Am Em
F E7
Dm Am
E7 Am

wy rid' en farre en wy fleane oeral hinne
en wy ferstoke alles wat mar brâne wol
de bosken kappe wy sa keal as wy mar kinne
en mei hotels bouwe wy alle kusten fol

G7 C
Bes A
F C
Dm E7

mar yn de stoarmen fan sykloanen en orkanen
giet de machteleaze minske ûnderút
de tsunami's, ierdferskowings en fulkanen
stoarte frijeklik har krêften oer ús út

F E7
F E7
Bes Am
E7 Am

*tsjin de natoer kinne wy minsken neat begjinne
foar de planeet bin wy mar luzen yn 'e pels
mar al hoe grut as dy natoerrampen ek binne
de allergrutste ramp dat is de minske sels*

Es Am
Es Am
Es Am
E7 Am

wêr bist noch feilich, der wurdt fierstefolle sketten
ús grutste driuwfear is de macht en dus it jild
wy jouwe 't measte út oan wapens en raketten
en oan dy oarlochsdeaden wurdt sa swier net tild

ynienen komme dan de rampen as in wûnder
de ûnfoarstelber grutte krêft fan de natoer
en strûpe der in protte minsken ûnder
dan streamt fan meilijen by ús de ponge oer

wy wurde rekke troch dy hûnderttûzen liken
net dy miljoenen dêr yn Kongo en Darfur
wy jouwe graach ús jild, dat docht hyltyd wer bliken
mar al dy oarloch, nee, dêr ha wy 't net mear oer

*tsjin de natoer kinne wy minsken neat begjinne
foar de planeet bin wy mar luzen yn 'e pels
mar al hoe grut as dy natoerrampen ek binne
de allergrutste ramp dat is de minske sels*